

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27



© Foto db Folsgeare

Tsjaerddyk 27

Yn de tiid dat de súdkant fan'e kwelder (Nieuwlander polder) foarme waard, waard der troch de Middelsee in brede stripe klaai ôfsetten. De Tsjerdyk, no Tsjaerddyk, waard oanlein tusken

1000-1200 as grins en wetterkearing fan dyselde Middelsee.

Op ien plak bleau de stripe lykwols frijwat smel. Dat is de reden dat de buorkerij dêr't dit finster oer giet, yn'e lingte oan'e dyk boud waard.

Sybren Haites Schukken, de âldste soan fan Haite Gerrits en Sybrig Tjeerds út Jirnsum,

(Haite Gerrits naam yn 1811 de namme Schukken oan) trout op 12 juny 1811 mei Willemke Luitjes Kleiterp út Tsjalhuzum, dêr't har mem en styfheit buorken.

Sybren wie al boer op'e buorkerij oan'e Tsjaerddyk (nû 27) dêr't it stel harren nei it houlik no ta wenjen set.


Sybren syn heit besit ien tredde part fan'e buorkerij, syn skoanheit Tjeerd Sybrigs twa tredde part.

De sate bestiet út in hiem foar it hûs, huzinge mei skuorre, hôf (efter de buorkerij) mei 22 bunder greide. Hjirfan leit 10 bunder noardlik en 12 bunder súdlik fan 'e Tsjaerddyk midden yn it Marlân.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27

Earst nei tsien jier wurdt harren earste dochter Sytske berne, yn'e jierren dêrnei komme der noch trije bern dy't lykwols allegearre jong stjerre.



1832 Tresoar

Nei't Sybren Haites syn âlden stoarn binne, erve hy en syn fiif broers en susters, elts ien sechsde part fan'e buorkerij. Fan 1833 ôf keapet Sybren Haites yn'e rin fan'e jierren it erfdiel fan syn broers en susters op, oant de buorkerij alhiel syn eigendom is.

Dochter Sytske trout mei Jacob Botinga. Hy ferstjert nei fjouwer houliksjierren yn 1853, krekt 27 jier âld. Sytske bliuwt efter mei trije noch hiel jonge bern. Yn 1860 ferstjert hja ek. Foar de bern wurdt troch en binnen de famylje in oplossing socht. Jetske Haites Schukken, in jongere suster fan Sybren Haites Schukken, komt op'e buorkerij en ûntfermet har oer de bern. Se hat dêrby in goede help oan arbeider Jan Alta. Yn 1868 nimt Jacob Jacobs Botinga jr, de âldste soan fan Sytske, de buorkerij oer.

Willemke, de âldste dochter fan Sytske, wurket in soad tegearre mei dizze Jan Alta. Se krije in relaasje en trouwe yn 1869. Jan Alta en Willemke geane nei Nijlân ta te wenjen en yn 1875 krije se in soan, Folkert Alta. Yn 1879 ferstjert Jan Alta. Yn 1880 trout Willemke Botinga op'e nij mei Bauke Roukema, boerefeint yn Nijlân.

Jacob Jacobs Botinga giet yn 1881 fan'e buorkerij en makket plak foar syn suster Willemke en sweager Bauke. Folkert, de soan út Willemke har earste houlik, groeit hjir op en kriget der yn 1886 noch in styfsuske Sytske by.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27

Yn datselde jier 1886 komt it bedriuw te keap. Bauke keapet de buorkerij. Ferskate famyljeleden keapje in pear perselen grûn (totaal 13 ha) dat der kin wer goed buorke wurde.

Willemke en Bauke beslute yn 1891 op it hiem foar de buorkerij in hûs te bouwen. Bauke kin dêr mei in stikje lân fan'e buorkerij in komelkerij begjinne. Se ferhiere de buorkerij oan Willem Twijnstra en syn frou Nantje van Hasinga oant Folkert Alta âld genôch is om de pleats oer te nimmen.

Na it ferstjerren fan Willem in 1893 bliuwe Nantje en har trije bern op'e buorkerij. Se krijt help fan har skoanâlden. Op 11 maaie 1901 trout Nantje op'e nij, no mei Jaring Zoethout. De húshâlding ferhuzet nei it doarp.

Folkert Alta trout yn 1901 mei Wybrig Twerda út Wytmarsum. It stel wennet tydlik yn it mastershûs op Tsjaerddyk 51 en dêrnei ek noch yn Nijlân.

De reden hjirfoar is dat de buorkerij foar in jier ferhierd is oan widner Teade Hilverda fan Tsjalhuzum, dy't der mei syn twa bern wennet.

Op 12 maaie 1902 komt de âlderlike buorkerij fan Folkert frij. De hiele famylje wennet no wer by elkoar. Spitigernôch ferstjert yn datselde jier Folkert syn (styf) suske Sytske, noch mar 15 jier âld.

Folkert moat hieltyd faker jild liene om de buorkerij draaiende te hâlden. Hy hat de soarch foar twa húshâldingen.

Mem Willemke wurdt slim siik nei it ferlies fan har dochter. Nei in lang siikbêd ferstjert se yn 1905 Folkert syn heit Jan komt ek te ferstjerren..

Yn 1910 ferhiert Folkert it hûs. Earst oan Lammert Hylarides en Minke Damstra dy't mar koart bliuwe. Lykle Hingste en Baukje Reitsma ha dêrnei fan 1912 oant 1921 hjir in "komelkersspultsje".

As de krisis him oantsjinnet kin Folkert it net langer bolwurkje. Hy moat yn 1932 de buorkerij ferkeapje.

Gerben de Boer wurdt de nije bewenner.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27



Gerben is de jongste fan de acht bern fan Gerben de Boer en Ymkje Eisma.

De âldste bern emigrearje om 1905 hinne nei Amearika en bouwe dêr in goed bestean op. Se skriuwe harren âlden dat der foar harren ek in takomst is. Sa giet Gerben om 1910 hinne, as er tsien jier âld is, mei syn âlden nei it fiere

Amearika wêr't se harren fêstigje yn Harrison (South Dakota). Wat it measte yndruk op him makke, is de yntocht yn New York, as se lâns it Frijheidsbyld farre. Spitigernôch kin syn heit dêr gjin fêst wurk fine en it sparjild rekket op. Dêrom beslute syn âlden nei in jier mei harren soan Gerben werom te gean nei Fryslân.

Heit Gerben giet yn Boalsert wer oan in wurk yn syn âlde berop, "mei it pak rinne". Soan Gerben fynt earst yn Boalsert en letter yn Wolsum wurk as boerearbeider.

Hy kin yn 1932 de buorkerij keapje mei help fan syn boer.

Gerben trout mei Sjoukje Zijlstra. Yn Wolsum krije se trije bern.




Mem Sjoukje Zijlstra oan'e ôfwask.

Nei de ferhuzing yn 1932 nei Folsgeare komme der noch fjouwer bern, Deliane, Rooske, Tjeerd en Jeltje. De krisis is noch yn folle gong en se kinne mar amper de holle boppe wetter hâlde.

It boerewurk is swier. Alles giet noch mei minskkrêft, de hiele famylje helpt mei. Nei de twadde wrâldkriich giet it finansieel wer wat better.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27



It melken gie ek folslein mei de hân.

Op de foto sit heit Gerben op in saneamde 'tuolle', meast waarden de poaten fan'e kij fêst setten mei in spantou.

Nei it melken wurde de bussen nei de dyk brocht. De molkrider brocht mei hynder en wein de molke nei it fabryk. Simmerdeis barde dat twa kear deis, by't winter ien kear.

Dochter Rooske

Is oan it kealleboarnen.



Yn'e simmer wurdt der twa kear meand. It earst meande gers waard drûge ta hea, it gers fan'e twadde kear meanen waard meast ynkuild.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27



Op de foto is Gerben de Boer oan it wâl snijen.

De sleat wurdt dêrnei heakkele en de seadden wurde letter brûkt om de kuilbult ôf te dekken.

Jongste soan Tjeerd foar de buorkerij.



Aldste dochter Deli is yn 1955 troud mei Hantsje Speerstra fan Tsjalhuzum. Se geane nei Nijeholtpade te buorkjen. Bouwe en Gerben wurde dêr berne. Yn 1963 beslute Gerben en Sjoukje om te ferhúzjen nei Tsjaerddyk 21. Deli en Hantsje wurde dan de nije bewenners fan'e buorkerij oan'e Tsjaerddyk. Dochter Sjoukje wurdt hjir berne.



Sjoukje de Boer en Hantsje Speerstra

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27

Hantsje is syklik en hat lêst fan syn hert. Yn 1971 moatte se beslute om op te hâlden mei it boerebedriuw. De kij wurde ferkocht en Hantsje wurdt feekeapman. It berop fan feekeapman wurdt Hantsje ek te dreech. Se lûke by Deli har mem yn op Tsjaerddyk 21. Deli har heit Gerben is yn 1973 stoarn en har mem wennet sûnt dy tiid allinne. Hantsje Speerstra ferstjert dêr yn 1974.

De buorkerij is wilens ferkocht oan de bruorren Heida. Hja ferkeapje de buorkerij daliks troch oan Watte Zijlstra.

Watte Zijlstra is de soan fan slachter Hantsje Zijlstra út Wolsum. Hy is troud mei Idske Posthuma, de dochter fan slachter Douwe Posthuma (Tsjaerddyk 42) út Folsgeare.

Watte Zijlstra begjint nei syn trouwen as feekeapman yn Wolsum, maar keapet yn 1968 in slachterij yn Drylts. Watte en Idske krije trije jonges en twa dochters.

Foardat Watte mei syn húshâlding nei Folsgeare komt, wurde de kop en de hals fan'e buorkerij yngeand ferboud troch Wiersma, de timmerman fan Folsgeare. Se ferhúzje yn 1976 nei de Tsjaerddyk.

Watte wurdt wer feekeapman en hat de romte om fee oan te keapjen en te weidzjen.

Wout, de jongste soan, is wilens tolve jier âld en begjint mei selsmakke gewichten te trainen. It risseltaat kin sprekken lije. Nei in pear jier fan goaien en smiten begjint de súdmuorre fan'e buorkerij te skuorren en te fersakjen.



foto db Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27

Wout wurdt yn 2001 Sterkste man fan Nederlân, in soad oare oerwinningen komme der efter oan.

Wout wurdt fleiskarmaster en is wilens troud mei Patricia. Se sette harren ta wenjen oan'e Folsgeasterleane. Se krije trije bern, Wout jr, Katinka en Teade.

Yn 2002 ferstjert Watte Zijlstra. Idske wennet allinne op'e buorkerij oant 2006. Se giet dan nei it Teatskehûs yn Blauhûs.

Wout en Patricia en de bern ferhúkje no nei de buorkerij oan'e Tsjaerddyk. Lykwols, foardat se harren dêr delhúkje, wurdt de skuorre yngeand oanpakt.



foto Atse Bruin

De skuorre mei de fersakke súdmuorre wurdt renovearre en binnen wurde de stâl en de golle omtsjoend ta in trainingskompleks foar sterke mânlju en froulju.

Wout hat leard fan it ferline en yn plak fan de muorre fan it hûs, wurdt in kampke lân nêst de buorkerij it plak foar it goai- en smytwurk.



Trainingskompleks foar sterke manlju en froulju



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 27

foto Wytske Heida

Colofon

Tekst: Atse Bruin / Wytske Heida

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Tjeerd de Boer(alle foto's sûnder byskrift), Atse Bruin, Wytske Heida, db Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.